

De oerheid en de standerttaal

S.T. Hiemstra

Ynliding

Deputearre Steaten hawwe yn it kolleezjeprogramma foar de jierren 1987-1991 as ien fan de programmapunten opnommen: 'De kwaliteit fan it ûnderwiis yn 'e Fryske taal moat bysûnder omtinken hawwe en ûnder rjochtstreekse ferantwurdlikens fan 'e provinsje komme' (Kolleezjeprogramma haadstik Underwiis). It Kolleezje seit oan Provinsjale Steaten ta om dêroer mei in notysje te kommen foar de steatekommisje Wolwêzen.

Mei it each dêrop freegje Deputearre Steaten oan it Berie foar it Frysk advys oer de fraach hoe't it provinsjaal bestjoer it bêste stal jaan kin oan it bewekjen fan de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk (12-2-1988 en 3-5-1989).

Yn har advysoanfrage wize Deputearre Steaten der op, dat in rjochtstreekse ferantwurdlikens foar it beliedsfjild ûnderwiis eins besjoen wurde moat yn it brede ramt fan de provinsjale taalpolityk, d.w.s. hoe't de earst-ferantwurdlikens fan de provinsje foar de Fryske taal en kultuer stal krije kin yn in rjochtstreekse ferantwurdlikens foar alle oanbelangjende beliedsfjilden.

In wurkgroep besteande út drs. Th. Dijkstra, drs. A.Sj. van der Goot, drs. S.T. Hiemstra, drs. S. de Jong, drs. A.M.J. Riemersma, drs. J.G. van Rijn en mr. H.S. de Vries riedt it konsept fan dit advys ta. Op 11 oktober 1989 wurdt it advys fan it Berie oan it Kolleezje fan Deputearre Steaten oanbean.

By de analyse fan de advysoanfraach hat de wurkgroep him rjochte op fjouwer kearnfragen. Ien fan dy kearnfragen, dy't foar dit artikel fan belang is, slacht op it neikommende probleem: kin de provinsje Fryslân rjochtstreekse ferantwurdlikens foar (de kwaliteit fan) it ûnderwiis yn it Frysk drage en, as dat net sa is, wat moat der dan eventueel op bestjoerlik nivo feroarje om derfoar te soargjen dat it doel (t.w. it ferbetterjen fan de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk) better berikt wurde kin.

By de útstellen en oanbefellings foar de ferbettering fan de kwaliteit fan it Frysk yn it ûnderwiis steane ek in pear dy't op betreklik koarte termyn realisearre wurde kinne soene, omdat se passe binnen it besteande steatsrjochtlik ramt en omdat

de bestjoerlike ferhâldings dêrfoar net feroare wurde hoege. Ien fan dy maatregels, yn it advys fan it Berie 'spearpunten' neamd, is 'it ûntwikkeljen fan in noarm foar it Frysk yn it ûnderwiis' (s. 22). De eftergrûn fan dat spearpunt besykje ik yn it neikommende te ferdúdlikjen oan de hân fan in part fan in stik dat ik ein 1988 foar it Berie foar it Frysk skreaun haw.

Kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk

It is neffens my net of amper mooglik om wat oer de kwaliteit fan it ûnderwiis (yn it Frysk) te sizzen - en dêr ferantwurdlik foar wêze te wollen - as it objekt fan dat ûnderwiis, it *Frysk*, dat sawol fak- as fiertaal wêze kin, net foldwaande útwurke is. De kwaliteit fan it ûnderwiis (yn it Frysk) sil sûnder mis ek beskaat wurde troch de kwantiteit en de kwaliteit fan it taalgebrûk, dus fan wat 'it Frysk' neamd wurde mei.

By de kwaliteit fan it Frysk kin benammen tocht wurde oan wat al of net ta 'it Frysk' rekkene wurde moat, b.g. oan wat as yntegraasje of ynterferinsje beskôge wurde moat. En by ynterferinsje tink ik foaral oan it probleem fan de hollannismen.

Sintraal stiet dan de fraach wêr't de grinzen fan 'it Frysk' lizze moatte. Ut de taalnoarmteory wei besjoen giet it om de *limitearringsfraach*. Dêr sil it lykwols net by bliuwe kinne. Neigeraden dat it Frysk



de *limitearringsfraach* . . .

in wichtiger plak kriget yn it maatskiplik libben (ûnderwiis, oerheid, media) sil der hieltiten dúdliker frege wurde nei de standerdisearring fan de taal. It giet dan om de fraach wat it begryp *Standertfrysk* krekt ynhâldt of ynhâlde moatte soe. Dêrby sil ek de fraach beantwurde wurde

moatte hokker fariant(en) fan 'it Frysk' rekkene wurde meie ta de standert, hokker net en wêrom. Winliken wurdt der frege om in *foarkar* binnen 'it Frysk' oan te jaan, fêst te lizzen hokker fariant op it foarste plak komt te stean en hokker op in leger plak stean moat. Wy hawwe no te krijen mei de *hierargisearingsfraach*. It liket my de muoite wurdich en besykje te kommen ta brûkbere en dúdliken kritearia, regels of noarmen foar de oplossing fan it limitearrings- en hierargisearingsprobleem. Sûnder goed omskreaune kritearia of noarmen is neffens my it begryp kwaliteit yn ferbân mei it ûnderwiis yn 'it Frysk' tefolle in slach yn 'e loft. Allinnich mei help fan sokke kritearia en noarmen liket it my mooglik it ûnderwiis ferantwurde te hifkjen op taalkwaliteit. Fansels begjinne wy net út in nulsituasje wei. Organisaasjes as de Fryske Akademy en de AFÛK hawwe har al in hiele tiid dwaande holden mei 'it Frysk'. Der binne regels kommen foar de stavering en regels jûn foar de taal. Beide organisaasjes hawwe in wichtige rol spile by de taalstjoering troch it kodifisearjen fan it Frysk yn de foarm fan wurdboeken, grammatika's en learmiddels foar taal en stavering. Boppedat hawwe se gâns dien oan it fersprieden dêrfan. Sa dwaande hawwe se belangryk wurk dien (en dogge dat noch) foar it standerdisearjen fan 'it Frysk'. Dochs kin men jin ôffreegje oft beide organisaasjes genôch autoriteit hawwe om alle kodifisearings- en standerdisearringsproblemen op te lossen. Dêrnjonken begjint de provinsjale oerheid him ek dúdliker te manifestearjen, b.g. op it mêd fan de kodifisearring fan de stavering. Wêrom soe de provinsje dan ek net de kritearia of noarmen legitimearje wêrmei't it ûnderwiis op (Fryske) taalkwaliteit hifke wurde kin? Nei alle wierskyn sil de provinsje dêrby gjin lêst hawwe fan 'hegerhân' (it ryk).

Koarte útwurking

1. Privaatrjochtlike taalplenningsaktiviteiten

Sûnt de foarige ieu hâlde bewegingsorganisaasjes harren dwaande mei taalnoarm en de korpusplanning fan it Frysk, mei standerdisearring, kodifisearring en elaboraasje: der is wurke oan it *fêstlizzen* en

ferfolch op side 6

de útbou fan wat 'Frysk' hjitte mei. Stavering, grammatika, leksikon en stylûntwikkeling binne wichtige ûnderwerpen. Fan de lêste 50 jier moatte de AFÛK en de Fryske Akademy neamd wurde. De oanstriid om it Frysk te brûken yn mear en 'hegere' domeinen frege en freget om in dúdliker taalnoarm en taalstandert.

Der hawwe konflikten west as de belangen fan guon domeinen net parallel rûnen. Sa wie de bewegingsstavering te slim foar it ûnderwiis, dat maklik oan te learen regels foar de stavering hawwe woe en dus oanstie op feroaring, wylst de media de kostefaktor en de tradysje heech oansloegen en eins neat feroarje woene (útsoarte benammen de media dêr't it skriftbyld wichtich by is). It konflikt mocht troch de Beweging net oplost wurde. De provinsjale oerheid hat dat (mei mooglik alle lek en brek) oan him lutsen. Dyselde oerheid hat taalstjoeringsaktiviteiten op it mêd fan de taal en de taalnoarm noch wôl lizze litten foar de belanghawwende bewegingsorganisaasjes en dêr nea besluten oer nommen. De Fryske Akademy komt yn 1984 en 1985, mei troch provinsjale subsydzjes, op 'e merk mei de beide hânwurdböeken, dy't min ofte mear fêstlizze kinne soene wat foar akseptabel Frysk (leksikon, morfology) trochgean kin. De AFÛK stelt yn 1985 in taalnoarm fêst dy't fierder útwurke wurde moat troch in frij breed gearstalde taalnoarmkommisje. Dat kin sjoen wurde as in belangrike bydrage 'ta de fierdere normearing fan it Frysk' (Breuker, 1988, 193). De krekte formulearring is te finen by Hiemstra (1987, 84). De AFÛK rekkenet ta it Frysk dy foarmen dy't foarkomme yn de beide hânwurdböeken en jout by farianten de foarkar oan de fierst fan it Hollânsk ôfstearrende wurden. Soks jout in grûnslach oan de noarm. De hânwurdböeken jouwe lykwols gjin útlútsel oer:

1. de bûging fan de tiidwurden yn it Frysk;
2. grammatikale regels: morfologyske aspekten fan wurdsoarten, sinbou-aspekten, ensfh;
3. in regeling foar it ôfbrekken fan wurden;
4. regels foar de ynterpunksje en gâns ôfkoartings;
5. de skriuwwize fan bûtenlânske en binne-lânske (mar bûten Fryslân) geo-

grafyske nammen;

6. de beskriuwings fan en/of it jaan fan regels foar etikettes;

7. de útspraak fan guon eleminten.

De taalnoarmkommisje fan de AFÛK achtet it in saak fan belang om jin dêr wol mei dwaande te hâlden. De kommisje besiket dat sels ek te dwaan. Sa is it de bedoeling dat in begjin 1989 útkommen boekje oer tiidwurden mear dúdlikens jout oer wat der foar Standertfrysk trochgean kin op it mêd fan morfology (bûging) en syntaksis fan tiidwurden. Mei as basis it hânwurdböek hâldt *Tiidwurden* in stik limitearrings- en hierargisearingswurk yn.



de hierargisearingsfraach, of: wat moat de foarkar krije . . .

Men kin sadwaande sizze dat alle aktiviteiten rjochte op it korpus fan de taal lykas kodifisearring, eliminearring, limitearring en de hierargisearring op it stik fan farianten (dialektismen) en ynterferinsjes frijwol allinnich útgeane fan guon privaatrjochtlike organisaasjes.

2. Publykrjochtlike aktiviteiten oangeande de taalstjoering

Doe't de staveringsstjoering troch de privaatrjochtlike organisaasjes by de provinsje beswieren oprôp, hat de provinsjale oerheid foar it earst syn autoriteit brûkt troch op 5 novimber 1969 it fêststellen fan de offisjele stavering ta it foech fan Provinsjale Steaten te rekkenjen (statusplanning). De kodifisearring dêrfan (korpusplanning) komt ta stân troch de provinsjale staveringsregels fan 28 april 1976 (staveringsnoarmen foar it 'gewoane' leksikon) en 10 augustus 1982 (staveringsnoarmen fan de frjemde wurden/lienwurden). Dat autoriteitsfoech is net (spontaan) ferneatige troch de Kroan. Taalplanningsmooglikheden yn de sin fan korpusplanning wurde dus net troch 'hegere' regelings beheind en bekskaat. De staveringsbesluten binne frij-

wol oeral 'erkend' en wurde yn prinsipe ek troch stridende domeinen oernommen (ûnderwiis en media sitte wer op ien line). It tekoart oan macht en gesach fan de bewegingsorganisaasjes wurdt dúdlik (gjinn statusplanning).

In oare provinsjale stap hat it ynstellen fan in taal(stjoerings-)buro west, dat him dwaande hâldt mei frjemde en amtlike wurden en ek wat dwaan moat oan it ynterferinsjeprobleem. De provinsje jout wol subsydzje, mar bekrêftiget it wurk fan dat buro net (as kwalitatyf akseptabel en/of geef Frysk of as Standertfrysk) op beliedsnivo (gjinn korpusplanning).

Provinsjaal belied en taalkwaliteit

Neffens Penalosa (1981) kinne taalstjoeringsaktiviteiten polityk en/of kultureel fan aard wêze.

De politike oanpak hâldt yn it stypjen fan in taal, standerdisearre, regels foar in stavering opstelle en it skriftlik gebrûk befoarderje. Dy oanpak fynt men almeast yn de minder ûntwikkele lannen. De kulturele oanpak is meastal yn de yndustrialisearre lannen te finen. It giet dan benammen om kwestjes fan *korrektens*, *effisjinsje* yn 'e taal en om taalkundige *farianten* (dialektismen, faktaal, styl). Yn Fryslân is it oant no ta benammen gien om in politike oanpak: it neistribjen fan lykweardigens en lykberjochting fan it Frysk (ferl. Fan Geunst nei Rjocht, 1983). De kulturele oanpak, de korpusstjoering op it heechste, provinsjale beliedsnivo, is ferwaarleazge, sadat de saak fan de kwaliteit fan it *Frysk* yn it ûnderwiis en dêrmei de kwaliteit fan it *ûnderwiis* yn it Frysk dizzenich bliuwt. Soks sprekt wol hiel sterk by it gearstallen fan learmiddels foar en it ûnderwizen fan it Frysk as twadde en as frjemde taal. Mar ek foar de Frysktaligen is in dúdlike standert fan belang. Underwiis yn it Frysk is net ferantwurde te hifkjen op kwaliteit as der in wippelige noarm is. Allinnich in goed standerdisearre taal is goed te ûnderwizen (en goed te hifkjen) yn situaasjes dêr't de taal in boppelokale en bopperegionale funksje krigen hat of krije moat.

Dat hâldt yn dat der mear dien wurde moat oan wat Bartsch omskriuwt as 'a selection of one form or variety out of a number of existing ones, or a construction out of different varieties with a

fixed amount of variants included. It further implies accepting, applying, and proposing the norms of the selected or constructed variety for a certain domain of situations of language use and for a population which has used different forms and varieties before' (1987, 249). By de ûntwikkeling fan in standert spylje 'autoriteiten' gauris in tige wichtige rol. Yn it earstoan kinne dat yndividuen wêze, taalkundigen of skriuwers dy't taalkundich goed ûnderlein binne. By de 'ymplemintaasje' fan taalfoarmen hawwe se ornaris in skerp each foar it suver hâlden of suver meitsjen fan de taal. Nei ferrin fan tiid ferbredet de beweging him fan yndividuen nei ynstellings en oerheden, dy't dan ek harres dogge op it mêd fan 'adopting and attempting to spread the language form that has been selected and codified' (Haugen, 1981, 61)(ferl. ek: Bartsch, 1987; Boelens & Van der Plank, 1977; Van den Branden, 1967; Feitsma, 1987; Goudsblom, 1988; Greule & Ahlers-Liebel, 1986; Joseph, 1987; Mogge & Radtke, 1982; De Rooij, 1987; Suffeleers, 1979; Zaalberg, 1960).

De rol fan de Fryske oerheid yn dat proses hat oant no ta te beskieden west. Van Dijk en Gorter pleitsje dan ek (yn 1983) foar in aktivere rol fan de provinsjale oerheid op it stik fan de normearing fan it Frysk. Se hawwe dêrby yn it foarste plak each foar it ferlet yn it bestjoerlike ferkear. Mar kwaliteitskritearia op it stik fan leksikon, morfology, fonology, syntaksis, semantyk en pragmatyk binne foar it ûnderwiis net minder fan belang. De rjochtstreekse ferantwurdlikens foar it fêststellen fan wat goed Standertfrysk achte wurdt, soe wolris makliker te realisearjen wêze kinne as de rjochtstreekse ferantwurdlikens foar it ûnderwiis. De Steaten soene (ek) dat foech oan harren lûke moatte. It Berie foar it Frysk hat dêr in earste oanset ta jûn troch oan te stean op it 'ûntwikkeljen fan in noarm foar it Frysk yn it ûnderwiis'.

De AFÛK jout in twadden-ien troch yn it beliedsplan foar de jierren 1991-1995 te skriuwen: 'De taalnoarm fan it Frysk moat net in saak foar de AFÛK allinne wêze. Om't it dêrby foaral giet om it skriftlik brûken fan it Frysk yn it offisjele ferkear, soe de provinsje frege wurde moatte om de ferantwurdlikens foar it fierder ûntwikkeljen fan de noarm foar

it brûken fan it Frysk yn it offisjele ferkear op 'e need te nimmen' (1991, 26). ■

Literatuer

1. Bartsch, R., *Norms of Language. Theoretical and Practical Aspects*. London/New York: Longman, 1987, 227-287.
2. *Beliedsplan AFÛK*. Ljouwert: AFÛK, maart 1991.
3. Berie foar it Frysk, *De bestjoerlike ferantwurdlikens foar de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it Frysk. In oanset ta diskusje*. Ljouwert: Berie foar it Frysk, 1989.
4. Boelens, K. & P. van der Plank, Taelplanning en syn útkomsten yn Israël. Yn: *It Beaken*, 39 (1977) 5/6, 193-217.
5. Branden, L. van den, *Het streven naar verheerlijking, zuivering en opbouw van het Nederlands in de 16de eeuw*. Arnhem: Gysbers & Van Loon, 1967.
6. Breuker, P., Literêre skriuwers en AFÛK-lesjouwers oer de noarm fan it Frysk. Yn: *It Frysk en syn noarm. Us Wurk*, 37 (1988) 3/4.
7. Dijk, K. van, It foech fan 'e Steaten. Yn: *Fryx*, 3 (1982) 6, 81-82.
8. Dijk, K. van & D. Gorter, Taalplanning en provinsjale taalpolityk. De bydrage fan it bestjoerlik ferkear ta it fuortsterkjen fan de posysje fan it Frysk. Yn: *It Beaken*, 45 (1983) 2.
9. Eisma, D., *Tiidwurden*. Ljouwert: AFÛK, 1989.
10. *Fan geunst nei rjocht. Einrapportazje fan de wurkgroep Frysk yn it offisjele ferkear*. Ljouwert, 1983.
11. Feitsma, A., Geschiedenis en karakter van de friese norm. Yn: J. de Rooij (red.), *Variatie en Norm in de Standaardtaal*. Amsterdam: P.J. Meertens-Instituut, 1987, 57-70.
12. Goudsblom, J., Het Algemeen Beschaafd Nederlands. Yn: J. Goudsblom, *Taal en sociale werkelijkheid. Sociologische stukken*. Amsterdam: Meulenhoff, 1988, 11-29.
13. Greule, A. & E. Ahlvers-Liebel, *Germanistische Sprachpflege. Geschichte, Praxis und Zielsetzung*. Darmstadt: Wissenschaftliche Buchgesellschaft, 1986.
14. Haugen, E., *Blessings of Babel. Bilingualism and Language Planning*. Berlin/New York/Amsterdam: Mouton de Gruyter, 1987.
15. Hiemstra, S.T., Noarm en learmiddels folwoeksene-ûnderwiis. Yn: *De Pompeblêden*, 58 (1987) 5, 82-84.
16. Joseph, J.E., *Eloquence and power. The Rise of Language Standards and Standard Languages*. London: Francis Pinter, 1987.
17. Mogge, B. & I. Radtke (red.), Deutsche Akademie für Sprache und Dichtung, *Schulen für einen guten Sprachgebrauch, Band III*. Stuttgart: Ernst Klett, 1982.
18. Penalosa, F., *Introduction to the Sociology of Language*. Massachusetts: Rowley, 194-197.
19. Rooij, J. de (red.), *Variatie en Norm in de Standaardtaal*, Amsterdam: P.J. Meertens-Instituut, 1987.
20. Suffeleers, T.J., *Taalverzorging in Vlaanderen. Een opiniegeschiedenis*. Brugge/Nijmegen: Orion/Gottmer, 1979.
21. Zaalberg, C.A., *De taalleraar als taalpoliticus*. Groningen: Noordhoff, 1960.